

KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Lyklamawei 23	571855

E-mailadres: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Website: www.nijemardum.nl



It bestjoer fan Doarpsbelang:

Jeannet Bekedam (voorz)	Hoitebuorren 12	571597
Piet Rienstra (secr)	Omrin 2	571866
<u>secretariaatdb@nijemirdum.nl</u>		
Hedwig Beukens	De Hege Bouwen 2a	572278
(penningmeester, bankrek. NL30.RABO.0305.2441.59)		
Sjoukje Kramer	Wissebuurt 12	571785
Rienk Nadema	Hege Bouwen 25	572101
Jaap Douwe Bokma	Hoitebuorren 13	571328
Jelte Draijer	Omrin 9	571484

E-mailadres buertplysje: dirk.hebing@friesland.politie.nl of www.politie.nl

Kontaktpersoan gemeente: r.zijlstra@fryskemarren.nl of

tel. 0620548535 of www.defryskemarren.nl/melding

BERNE

Op 25 jannewaris 2018

Gerbrich Iepie Beukens

famke van Johannes en Corrie Beukens-Pruiksma
suske fan Jorrit en Redmer



VERHUIZING

Wij, Meindert en Margreet van Rijs-Bal, zijn in januari van Omrin 42 verhuisd naar Balk. Voorlopig verblijven we aldaar in een vakantiewoning aan het Slotermeer.

In het najaar van 2018 hopen we onze nieuwe woning te betrekken.

We hebben ongeveer 15 jaar met veel plezier in Nijemirdum gewoond, maar nu zijn we toe aan een volgende stap. We hopen nog een tijdje te kunnen reizen en een kleinere woning is dan iets handiger.

We wensen de familie Haanstra een goede tijd in dit mooie dorp.

Het ga jullie allen goed!

FERHÚZE

Famylje Hendriks-van Garderen is fan Nijemardum nei Warns ferhúze.

FERHÚZE

Albert Menno Laffra is op Heaburgen 6 komme te wenjen.



NEGOASJE

Gratis af te halen: spoorbiels.

Groet, Knilles Bosma 0514 571550

GEVONDEN VOORWERPEN

Gevonden in de Omrin ter hoogte van perceel no. 5, een bescherm kap van een lens merk CANON. Af te halen bij Omrin 5 tel: 571547

Vriendelijke groet, Ko.van.Hal

TYPYSK WIEP

Tongersdei 15 febrewaris sille wy in middei nei Snits te “shoppen”.

Liket it jim leuk om mei te gean? We geane om 13.30 oere fuort.

Lit it my sa gau mooglik witte, want dan kin ik rekkening hâlde mei riders en karren 😊.

Kosten binne €12,50. Dat is inkl. benzinekosten en kofje mei wat lekkers.



Groetnis Wiepkje Holtrop,

0514-571310 / 0610547123 / wiepkjiholtrop@live.nl

IT HIMD FAN IT GAT

It is altyd wer in útdaging foar de redaksje om minsken út Nijemardum oan te moedigjen foar in ferhaal oer harren bestean. In hiel soad doarpsgenoaten ride hjir alle dagen yn 'e auto oer de Lyklamawei. De gesichten kin ik ûnderskiede, mar de nammen? It tal fytsers is aardich minder en de measten kin ik ek wol "thúsbringe". By de bern rop ik dan "dat is ien fan" of "dy wenje no yn it hûs fan".. Wurdt it miskien hast tiid om myn eagen te rjochtsjen op facebook

om sadwaande myn "netwurk" te fergrutsjen? It is hast itenstiid as ik Pieter van der Wal op hûs oan fytsen sjoch. Hoe faak soe hy syn ritsje nei Runia al dien ha? En hoe lang moat hy noch?

Ik belje him en mei oankomme foar in petear mei him. "Om tsien oere ha ik de kofje klear!" Dy útnoeging heart goed en dus rin ik op in woansdeitemoarn nei de foardoar op nr. 69 fan de Lyklamawei. Pieter is al 45 jier troud mei Sjoerdsje Tiemersma. Sy ha 3 bern: Dochter Geeske, dy't by Edmonton yn Kanada wennet. Soan Yke sit yn Ferwâlde en de jongste dochter Liewwkje yn Aldeberkeap. Under it genot fan in lekker bakje kofje prate wy earst oer de bern en ek oer harren 7 bernsbern. Foto's wurde besjoen: "Liket dy net sprekend op..." En "hoe âld binne dy no al? It is net te leauwen, wêr bliuwt de tiid!" Sa prate alle Pakes en Beppen. As ik myn fragelist opsykje freget Pieter him lûdop ôf hoe't de redaksje te wurk giet by it útsykjen fan de haadpersoanen fan It Himd fan it Gat. "Eh, der bestiet gjin kommisje dy't it dwaan en litten fan de persoanen neigiet Pieter. Wy freegje ien dy't ús wol oanstiet en dan hoopje wy dat der bysûndere ferhalen ferteld wurde oer it libben."

Pieter is dúdlik ynnommen mei ús útnoeging foar it Himd en Sjoerdsje, dy sit gesellich by ús. Sy hat earder har libbensferhaal al yn it doarpsnijs ferteld en hjoed mei sy fansels allinnich mar op 'e eftergrûn meiprate...



Pieter, wêr bisto berne?

Op 'e Skou yn Aldemardum op 31 jannewaris 1953.

Dat wie in feilich plakje om op 'e wrâld te kommen, mar op in oar plak yn ús lân gyng it need yn dy nacht....

Jawis, yn Seelân waard it stoarmwaar en koenen de diken it net hâlde. Dy stoarmfloed hat oan in soad minsken en bisten it libben koste. Guon minsken wienen echt alles kwyt.

Dat is aansens 65 jier lyn.. soks sil yn Seelân fêst wol betocht wurde tink, mar hoe liket dat hjir op 'e Lyklamawei. Wurdt dêr ek wat fierd?

Myn jierdei sil fêst net ferjitten wurde troch de bern en de famylje, mar sels bin ik bliid dat ik dan net mear nei it wurk hoech.

Wurdt it te dreech om langer by Runia troch te gean?

It wurk op him sels net, dat fyn ik noch hieltyd prachtich, mar de omstannichheden op de wurkflier binne de lêste jierren sa feroare. Dat wie foar elkenien spannend. Foarhinne wiene it plak en de tiden dúdlik, mar no is it de fraach mar op hokke tiden en romte it wurk dien wurde kin. It is tige ûnwis allegear en dat fielt net noflik.

Watfoar oplieding hasto dien?

Nei de legere skoalle yn Aldemardum ha ik nei de L.T.S. yn Koudum west. Ik bin de metaalkant útgien en ha kursussen foar it smeien en it laskjen folge. Dêrnei koe ik by Auto Smit yn Aldegea oan 'e slach. En doe yn tsjinst...

Pieter mei in wapenrok oan?

Ik moast opkomme yn Tilburg. Dat wie begjin jierren '70 foar in feintsje fan 'e Skou in ein fuort fansels. Ik hie noch nea yn 'e trein sitten, lit stean in kaartsje kocht! Dat die ik ek net altyd en ik bin ek wolris yn sliep fallen ûnderweis nei hûs. De bussjauffeur makke my dan wekker... Letter ha ik noch op oare plakken tsjinne.

En doe?

Op 1 july 1974 bin ik by de Firma Runia begûn as frachtweinsjauffeur en in jier as fiif letter waard ik monteur. Ik ha yn de rin fan de tiid de keunst foar it ûnderhâld fan it weinpark ôfsjoen by oaren.

Oeral de eagen mar goed iepen hâlde..

Ja, en ik mocht graach mei auto's ompiele.

Is der yn de ôfrûne tiid in hiel soad feroare yn de auto-technyk?

Sa as hast oeral is mei de komst fan de kompjûter alles oars wurden en ferbettere. (It bestjoeren fan in frachtwein bygelyks wie foarhinne swier wurk dêr't je beide hannen goed foar brûke moasten. No kin men de auto's dy't folle

grutter wurden binne, wol mei ien pink bestjoere....). De oplieding fan de monteurs is dêr no hielendal op rjochte. Ik ha dat net allegear meikrigen. Ein jannewaris hâld ik dus op mei dat wurk.

En dan?

Alle 65plussers fertelle mij dat se it dan noch folle drokker krije.

Wat woest as bern graach wurde?

Boer! Ut skoalle wei gyng ik altyd nei de fam. Dooper om op de buorkerij te helpen. Ik mocht dêr ek op 'e trekker ride. Simmerdeis belle Dooper ús master wolris op om te sizzen dat ik foar him ûnmisber wie yn de ûngetiid en dus net op skoalle komme koe.....

Hast ek hobby's?

Autocrosse! It wurdt fljocht Pieter ta de mûle út. Ja man, dêr bin ik mei Meine (Pietersma) in echte "Fan" fan! Willem Bosma fan 'e Omrin is ek in leafhawwer. (Hy hat dêr yn in earder Himd al yn it Doarpsnijs oer ferteld) Doe't ik jong wie brocht ik mei myn maten yn Sondel alle frije tiid troch mei it optugen fan in âlde auto ta in folweardige crosswein.

En dy oerlibbe de race?

Meastal net fansels, mar dat hindere neat. Wy kochten oare ûnderdielen en besochten om de boel wer oan 'e praat te krijen. Wy belibben der in soad wille oan en ha der ek in soad fan leard. Wy gyngen mei elkoar oeral hinne . Nei Seisbierrum en Hallum, mar ek alle jierren nei Makkum. Prachtich!

Ik lêš dyn namme ek wolris by de ferslaggen fan de damclub.

Dat is in hiel oare hobby, mar ik mei ek hiel graach damje en bin al 40 jier lid fan de club.

Do ferlierst dyn tsjinsten ek by ús begraffenisferieniging?

Wy betinke yn maart it hûndertjierrich bestean fan ús ferieniging en ik ha as drager al 30 jier meiwurke om it lêste ôfskie fan de minsken sa weardich mooglik ferrinne te litten.

Hokke TVprogramma's folggest?

It nijs en de auto- en motorsport.

Hâldsto ek fan muzyk?

Ik lústerje graach nei koarmuzyk. Ik mocht sels ek graach sjonge en ha lid west fan it tsjerkekoar fan de Griff. Gemeente yn Aldemardum. Oant jannewaris 1994 ta. Doe ha ik in CVA (harsensynfarkt) hân, dêr't ik gelokkich aardich gau en goed fan opknapt bin, mar it sjongen woe net mear. De kiel koe it net ferneare.

Nei tsjerke gean, mar net mear sjonge kinne.. dêr wurdt men net blider fan

Dat moast wol wenne.

Yn dizze tiid heakje in soad minsken ôf fan de gong nei tsjerke. Hoe belibje jimme dat?

Pieter begrypt dat minsken tsjintwurdich de frijheid nimme om just op it mêd fan it leauwen in plakje te sykjen dêr't se har fertroud fiele... Doe't ús mem der net mear wie ha wy ús oansluten by de Prot.Gem. op Ger.Grondslag Eben-haëzer op 'e Lemmer. Wy fiele ús thús by de wize wêrop de Bibel dêr oan ús útlein wurdt. Yn goede dagen, mar ek yn tiden fan sykte en soarch ûnderfine wy stipe fan it leauwen.

Wat fynst fan it Doarpsnijs?

De foto's besjoch ik wol, mar ik bin net sa'n lêzer. De Ljouwerter krante sjoch ik nei it wurk wol troch, mar dat is it dan ek wol.

No Pieter, as dizze edysje op jimme doarsmatte falt moat dat oars hear!

Fansels, as de Firma Runia my ein jannewaris útswaaid hat, ha ik alle tiid en sil ik my deljaan mei it doarpskrantsje. Us Geeske yn Kanada lêst it Doarpsnijs altyd.

Hast al plannen makke foar de takomst?

Ik ha in âlde motor kocht; dy stiet hjir yn it hok en dy wol ik revisearje. Dat duorret miskien wol in pear jier hear. Ik ha ek al in motor en mei myn maten meitsje ik tochtsjes nei Dútslân en alle jierren ride wy de Alvestêdetocht.



Wêr soest net sûnder kinne?

Da liket my wol dúdlik: myn rydbewiis!

Bliuwe jimme hjir te wenjen?

It foldocht ús hjir tige. No't it belied fan ús regearing it langer thús wjen fan de âlderein stypje wol, tocht ik dat in ienfâldige útbou fan dit hûs mei in sliepkeamer ûnder, wol in goede set wêze soe. De wenningstichting sjocht dat ek wol sitten en ús pleatslike timmerman Halbe H. kin der fansels wol wat moais fan meitsje, mar no de Gemeente noch. Sy fine dat it plan mear ambysje ha moat.. it moat grutter.

Hasto it waarm iten wolris klearmakke?

Dat ha ik noch noait dien, mar dat sil oars. Sjoerdsje sil it my leare!

Geane jimme ek mei fakânsje?

Wy hieere alle simmers in stacaravan op in camping yn Putten en fytse graach. By de Waal is it hiel moai en wy ha ek wol nei Groesbeek west. Kommende simmer brûke wy de camper fan ús Yke in skoftke. Fierders meitsje wy om it jier in útstapke nei ús Geeske yn Kanada.

Hasto noch winsken?

Net wat bysûnders. Wy ha it hjir goed en hoopje dêr noch lang fan te genietsjen. Al wer in tefreden doarpsgenoat en Sjoerdsje, de flagge moat de 31^{ste} op 'e Lyklamawei yn top hear!

Annie



Uitnodiging ledenvergadering “Doarpsbelang Nijemardum”

Graag nodigen wij u uit tot het bijwonen van de algemene ledenvergadering op **woensdag 7 februari 2018 om 20.00 uur** in het dorpshuis te Nijemirdum.

AGENDA

1. Opening
2. Mededelingen
3. Notulen ledenvergadering 5 april 2017 (zie Doarpsnijs.)
4. Jaarverslag 2017
5. Financieel verslag Dorpsbelang en Feestcommissie
6. Verslag Feestcommissie en verslag Tuincommissie
7. Bestuursverkiezing:
Aftredend en herkiesbaar: Jeannet Bekedam-Koersen
Aftredend en niet herkiesbaar: Piet Rienstra
Voorstel nieuw bestuurslid: Froukje Prins-Feenstra
8. Rondvraag
9. Pauze
10. Frâns Gerritsma geeft uitleg over de aanpak van de Reitpôle.
11. Anja Rombout en Jaap Bosma gaan ons op de hoogte brengen van de ontwikkelingen op het gebied van “snel internet”.
12. Sluiting

Namens het bestuur Dorpsbelang,
P. Rienstra, secretaris

Notulen van ledenvergadering op woensdag 5 april 2017 in het dorps huis.

1. Opening

Voorzitter Jeannet Bekedam opent de vergadering en heet iedereen van harte welkom. In het bijzonder dhr. Roelevink van het CDA, dhr. Veldman namens de gemeente, mw. Piersma van de FNP, dhr Brouwer van de PVDA, dhr. Meinsma van de VVD en buurtagent D.Hebing.

Jeannet houdt een Inleiding over Mienskip, landelijke mienskip en dorpsmienskip. Mienskip is o.a.: kaartjes sturen, helpen, vragen om hulp. Voorbeeld: mevrouw fan Tuyl, 90 jaar, ziet bijna niks, maar kan toch blijven wonen in haar huis omdat verschillende mensen haar helpen.

Jeannet wenst iedereen een fijne avond.

2. Mededelingen

- Klaas Knobbe komt later.
- Afmelding: Sietske Gijzen, Hendrik Postma, woningstichting en Rienk Nadema
- Johannes van der Goot clubkampioen dammen vorig jaar, gefeliciteerd. Dit jaar gaat het helaas wat minder zegt hij.
- “Fryske marren op gles” 11 april informatieavond in Sondel.
- Reflectorbordjes, nummerbordjes voor huis, zijn nog te bestellen. Website kan bij het bestuur gevraagd worden
- 1000 ogen app: 83 leden. Wordt nog even uitgelegd hoe het werkt.
- Woningbouw: Meine en Margreeth kunnen dit toelichten als er naar gevraagd wordt.
- Ijsbaan: rayonhouders geen goede klik met Piet Paulusma. We hebben proef gedraaid en hopen volgende winter echt een ijsbaan te creëren. Zijn er mensen die willen helpen volgend jaar? Jelle Eppinga en Dirk Jan van der Tol.
- Presentielijst gaat rond voor het tekenen.
- Himmeldei wordt bij ons himmeljun. Er worden een paar foto's getoond van het speeltuintje dat dit echt nodig is. Dit is 18 april vanaf 19.00 uur vanuit het dorps huis.
- Er komen nog twee kleine punten bij vóór de rondvraag: politie Hebing en Lucas Westra.

3. Notulen ledenvergadering 10 febr 2016

De notulen hebben in het doarpsnijs gestaan en worden niet meer voorgelezen. Er zijn geen op- of aanmerkingen. Joop wordt bedankt voor het maken van de notulen.

4. Jaarverslag 2016

Piet leest het jaarverslag voor. Hij heeft er weer een mooi verhaal van gemaakt. Piet bedankt voor het maken van het prachtige jaarverslag.

5. Financieel verslag Dorpsbelang en Feestcommissie

Dorpsbelang: het verslag heeft in het doarpsnijs gestaan en er liggen papieren op tafel. We hebben een klein nadelig saldo. De Whatsapp borden, die bij elke binnenkomst van het dorp hangen, waren eerst betaald door dorpsbelang maar dit krijgen we weer terug van de gemeente. Dan is het saldo weer positief. De dorpskrantjes kunnen niet meer helemaal uit maar dit vinden wij niet erg.

Vergaderkosten zijn iets hoger omdat er meer vergaderingen zijn geweest.

De vuurwerkshow is goed geslaagd. We hebben veel giften gekregen waardoor het uit kon. Dit krijgt oudjaarsnacht een vervolg.

Er zijn verder geen op- of aanmerkingen. Gerrie wordt met handgeklap bedankt.

Feestcommissie: ook dit verslag heeft in het doarpsnijs gestaan en ligt op tafel.

Dit is allemaal duidelijk en er zijn geen vragen. Ook Willie Hielkema wordt met handgeklap bedankt.

De kascommissie: Hendrik Postma en Minke Jannie Keulen, hebben op 9 jan. de financiën gecontroleerd. Alles was in orde en zag er keurig uit. De vergadering verleent de penningmeester decharge.

Piet Johan Ferdinands volgt Minke Jannie op.

6. Verslag Feestcommissie en verslag Tuincommissie

Hetty v/d Stap doet verslag van de gebeurtenissen van de feestcommissie. Op koningsdag is er een fietstocht en 's avonds playback show.

Eind juni is er weer het 2-jaarlijks dorpsfeest. Het thema is: tv series en films van voor 1990. Er is een andere indeling van de buurten, ze hopen dat er nu een beter evenwicht is van de buurten. Na het dorpsfeest is er een evaluatie.

Alle buurten krijgen vlagjes in verschillende kleuren. Donderdagavond is de optocht. Vrijdag het 50 + uitje en kinderspelen in samenwerking met school.

Vrijdagavond het spel: Ik hou van Holland

Zaterdag buurtspelen.

In november wordt er weer Halloween georganiseerd.

Wiebren Hoekstra en Marjan Feenstra zijn uit de feestcommissie gegaan maar gelukkig zijn er ook alweer twee nieuwe: Tineke Vlietstra en Bart Baas.

Hetty en de hele commissie worden bedankt voor alle werk en natuurlijk veel succes voor het dorpsfeest.

Tuincommissie: Diete Runia doet verslag. Klaske Swart, Klazien Bruinsma en Diete Runia zijn 3 keer in het jaar bij de tuintjes in het dorp langs geweest. Dit was in het voorjaar, de zomer en het najaar.

Moeilijk vinden ze het wel. Want iedereen doet het anders.

Uitkomst: 3^e plaats: Albert & Jeannet Bekedam en Johannes & Anna van der Goot. Hadden allebei een tuin die goed bij de boerderij past.

2^e plaats: Klaas en Harmke Rienstra. Er waren mooie hoekjes gecreëerd en het was rustgevend.

1^{ste} plaats: Jan en Jantsje Akkerman. Mooie aparte planten, veel verscheidenheid, veel kleuren. Kortom: prachtig.

Diete gaat nu de tuincommissie verlaten en Jantsje Akkerman neemt haar plaats in.

Diete wordt bedankt met een bloementje.

7. Bestuursverkiezing

Aftredend en herkiesbaar is Jaap Douwe Bokma. Dmv applaus gaat iedereen ermee akkoord dat hij erin blijft.

Gerrie v/d Veen is aftredend en niet herkiesbaar. Jelte Draijer is bereid gevonden plaats te nemen in het bestuur. Iedereen is vóór dmv hand opsteken. Jelte wordt hartelijk welkom geheten.

We moeten afscheid nemen van Gerrie. Gerrie was penningmeester, Gerrie wou ook vaak wel heel veel andere dingen doen. We zullen haar missen. Als afscheid krijgt ze een bloemetje + bon. Ook zij zal het dorpsbelang missen. Ze vond het altijd heel gezellig.

8. Stemmen voor nieuwe straatnaam

Er zijn negen namen binnengekomen. De namen staan op de beamer. Piet geeft toelichting.

De namen zijn: Harstwiich, Master Bode strjitte, Gerrit Benner strjitte, Master Inne de Jong strjitte, Gerben Durks leane, Tsjerkeleane, Tsjerkestrjitte, Pastorieleane, Tsjerkefinne.

Iedereen kan een naam invullen op een briefje. De uitslag is:

Master Bode strjitte:11

Tsjerkefinne:9

Tsjerkeleane:7

Harstwiich:7

Gerrit Benner strjitte: 5
Tsjerkestrjitte: 4
Master Inne de Jong strjitte:2
Gerben Durks leane: 1
Pastorieleane:1
Master Bode leane: 1

Extra:

Politie Hebing praat over: “camera in beeld”. Veel ondernemers en particulieren hebben camera’s hangen. Deze personen kunnen zich aanmelden zodat politie die eventueel kan opvragen als het nodig mocht zijn bij een calamiteit. Er worden folders uitgedeeld.

Er zijn verder geen vragen voor politie Hebing. Hebing wordt bedankt voor zijn inbreng.

Lucas Westra: Lucas komt ons als voorzitter van de kerkenraad iets vertellen. Er zijn nu 2 predikanten. Ds. Osinga gaat eind april met emeritaat. Er wordt een nieuwe dominee gezocht.

Lucas vertelt ook dat “De Hoekstien”, de kerk van Nijemirdum, wordt verbouwd. Dit is ter kennisgeving, er is nog niet bekend hoe en wat. Lucas sluit af met een gedicht. Ook Lucas wordt bedankt.

9. Rondvraag

Harmke Rienstra kan de container niet goed meer bij de weg plaatsen omdat hij nou ergens anders moet staan. Klaas Knobbe neemt dit mee.

Fettje Eppinga vraagt of er wat aan het onderhoud en paden op het kerkhof wordt gedaan en voor wie is het onderhoud van de banken in en rondom Nijemirdum. Klaas Knobbe zegt dat de banken van de gemeente door de gemeente schoongemaakt worden. Andere banken zoeken we uit. En het onderhoud van het kerkhof wordt dit jaar intensiever gedaan dan vorig jaar. Roelie Veen zegt dat het dorpsbelang beter lopende door Nijemirdum kan gaan met de gemeente om de gebreken te ontdekken. Want het trottoir ligt er niet best bij. Wij zeggen dat Roelie dat ook aan kan geven bij ons voordat wij met de gemeente het dorp doorgaan. Wij plaatsen hierover altijd een oproepje in het doarpsnijs. En Roelie vraagt of de gemeente verantwoordelijk is wanneer hij een been zou breken op het slechte trottoir. Klaas Knobbe zegt dat dat niet zo is. Maar mocht er iemand op dezelfde plek een letsel krijgen en de gemeente heeft er niks aan gedaan dat het dan wel zo is.

Thomas Runia vraagt of de gebreken door de gemeente worden bijgehouden. De gemeente gaat er wel bij langs maar ziet niet alles, dus als er wat geconstateerd wordt dan moeten we het wel zelf doorgeven.

Wilbert Eppinga vraagt waarom de rotzooi van het hekkelen niet meteen wordt opgeruimd. Klaas Knobbe zegt dat het helaas langer blijft liggen omdat minder mensen meer moeten doen en ze het dan niet zo snel kunnen opruimen.

Frans Gerritsma heeft vragen over de "himmeljun". In Wijckel maken ze namelijk elk een buurt schoon en zo het hele jaar door. Dit werkt heel goed. Is dit ook wat voor Nijemirdum? Wij nemen dit mee. Als er vragen zijn kunnen we Klaas Ybema vragen.

Ronald Schouten zegt dat wij veel last zullen ondervinden nu de luchthaven van Lelystad uit gaat breiden. De aan- en afvliegroutes gaan namelijk over Gaasterland. Kan de gemeente daar ook wat aan doen? Frans Veldman zegt dat wij inderdaad wel last zullen krijgen van de vliegtuigen die niet gelijk kunnen landen, die gaan dan namelijk rondjes vliegen boven Gaasterland. Maar in de polder zullen ze er veel meer last van hebben. De gemeente brengt alles in kaart en gaan uitzoeken hoe en wat precies. Maar dit is in 2015 al vastgesteld. Dus kunnen we er eigenlijk niks aan doen.

Theo de Lange vraagt wie de lantaarnpalen schoon maakt want het is wel lang geleden. De gemeente heeft een contract met een bedrijf.

En is er een schema wanneer de straten schoongeveegd worden. De gemeente heeft geen schema maar als er veel ligt kan de gemeente gebeld worden en dan wordt het opgehaald.

Jeannet vraagt aan Meine Pietersma of hij wat wil vertellen over de woningbouw. Meine zegt dat de aanbesteding van de weg waarschijnlijk over 6 weken klaar is en hoopt dat dan de weg voor de bouwvak erin ligt. Dan kan er ook gelijk gebouwd worden. In principe zit alles vol. Een makelaar uit Lemmer bouwt 2 x 2 woningen onder 1 kap. Deze zijn nog niet verkocht.

10. Pauze

11. Dorpencoördinator Klaas Knobbe geeft een korte presentatie over het hoe en waarom van onkruidbestrijding en afvalinzameling.

Klaas Knobbe geeft een power point presentatie over onkruidbestrijding. Vorig jaar is de onkruidbestrijding niet goed gegaan, veel klachten. Chemische middelen mag niet meer. Dit is wel het goedkoopst.

Vorig jaar is het met heet water en branden of borstelen gedaan. Dit moet veel vaker en is daardoor dus duurder. Ook heeft het weer invloed op het onkruid. Alternatieve dingen mag nog niet.

Dit jaar: heet water en branden of borstelen. De aannemer moet aan de beeldkwaliteit voldoen. Begraafplaatsen hebben een hogere kwaliteit dan wegen. De aanbesteding is de deur uit en de aannemer moet alles kopen. Aanbesteding is voor minimaal 3 jaar. De aannemer bepaald welke machine hij gebruikt en moet aan beeldkwaliteit voldoen.

Piet Johan: worden alle dorpen gelijk behandeld? Ja dat worden ze.

In de grijze container moet alleen plastic, drinkkartons, metaal: PDM. Op de container staat wat er in de bak mag. Vorig jaar is hierover ook een folder uitgegeven.

Gemiddeld hoort er meer dan de helft niet thuis in de container wat er wel in wordt gegooid. Veel GFT (37%), papier 9 %, textiel: 6 % en glas: 3 %

We krijgen nu keuken emmertjes voor gft van de gemeente, zo hopen ze dat er geen gft afval meer in de container komt.

Klaas wordt bedankt voor zijn presentatie en uitleg.

12. Een presentatie vanuit het Nijemirdummer bedrijfsleven.

Mieke Koot verteld over haar bedrijf. "Mijn huis op maat": ouderen langer thuis laten blijven. Ze kijkt of het huis aangepast kan worden en zoekt bedrijven die dat kunnen doen. Ze zoekt ook vrijwilligers die dit willen aangeven.

Thuistechnologie is ook heel makkelijk. Bv automatisch licht aan.

Mieke wil training geven om te laten zien wat er veranderd kan worden in de woning. Zijn er twee vrijwilligers?

Mieke wordt bedankt voor de presentatie.

Dan verteld Mieke nog over de **Nextdoor app**: buurtapp waar je alles op kunt zetten. Bijvoorbeeld dingen van de feestcommissie, dorpsbelang of belangrijke vergaderingen. Zijn er nog meer zulke apps? Wie wil er mee naar kijken? Kan zich melden bij Mieke Koot.

13. Outdoor Fitness of wel: buiten sporten. (filmpje)

Er is een plan om dit in Nijemirdum op te zetten maar dan moet er wel animo voor zijn. In een kleine ruimte kunnen veel apparaten geplaatst worden. Het is laagdrempelig.

Zijn er mensen die dit mee van de grond willen helpen? Er zit veel tijd en aandacht in. Er moeten sponsors worden gezocht, plan geschreven, bedrijven en fondsen moeten aangeschreven worden, met leverancier om tafel. De kosten zijn ong 25.000 euro.

Jeannet vraagt of er mensen mee willen helpen. Er is niet heel veel enthousiasme vanuit de zaal, dus wordt het eerst op een laag pitje gezet. Gelf Otter wordt bedankt voor het maken van het filmpje.

14. Sluiting

Jeannet sluit om half 11 de vergadering en bedankt de redactie van het dorpsnijs + bezorgers, alle vrijwilligers in het dorp en alle aanwezigen voor zijn of haar inbreng en wenst een ieder wel thuis.

FINANCIEEL JAARVERSLAG FEESTCOMMISSIE NIJEMIRDUM

2017

	<u>Inkomsten</u>	<u>Uitgaven</u>	<u>Saldo</u>
Saldo 1-1-2017			€ 1.354,53
Kosten Rabobank		€ 106,01	
Lampen kerstboom dorpsbelang	€ 114,95		
Cadeaus		€ 25,00	
Verhuur springkussen	€ 10,00		
Koningsdag 27 april 2017	€ 450,00	€ 778,34	
Dorpsfeest bijdrage dorp + lunch	€ 3.570,13		
Onkosten dorpsfeest		€ 3.041,50	
Opknappen materiaal dorpsfeest		€ 111,50	
Vergaderkosten 2017		€ 479,04	
Halloween party 28 oktober 2017	€ 67,50	€ 327,80	
	€ 4.212,58	€ 4.869,19	
Saldo 31-12-2017			€ 697,92

FINANCIEEL VERSLAG 2017 DORPSBELANG NIJEMIRDUM

BALANS PER 01-01-2017

Spaarrekening	€ 9.988,66	kapitaal	
Rekening-courant	€ 216,83		
Kas	€ 148,92		
Totaal	€ 10.354,41		€ 10.354,41

RESULTATEN REKENING 2017

INKOMSTEN		UITGAVEN	
Contributie leden	€ 1.284,00	Bloemen en cadeaus	€ 204,85
Sponsors Dorpskrantje	€ 737,50	Vergaderkosten	€ 624,55
Subsidie gemeente	€ 1.790,75	Ledenvergadering	€ 264,60
Postabonnees	€ 60,00	Dorpskrantje	€ 395,32
Vuurwerkshow	€ 480,00	Dorpsontbijt	€ 975,00
Diversen	€ 948,50	4 mei	€ 15,00
Rente	€ 38,75	W.A. verzekering	€ 124,23
Dorpsontbijt	€ 600,00	Vis wedstrijd	€ 71,57
		Contributies	€ 37,00
		Kosten bank	€ 170,79
		Avond vierdaagse	€ 11,27
		Tuincommissie	€ 68,70
		Diversen	€ 444,66
		AED	€ 351,08
		Vuurwerkshow	€ 507,00
		Oudejaarsnacht	€ 659,95
		Positief saldo	€ 1.013,93
Totaal	€ 5.939,50	Totaal	€ 5.939,50

BALANS PER 01-01-2018

Spaarrekening	€ 9.727,41	kapitaal	
Rekening-courant	€ 1.640,93		
Kas	€ -		
Totaal	€ 11.368,34		€ 11.368,34

	voorraad 01-01-2017	voorraad 01-01-2018	verkocht
fotoboeken	30	30	0

penningmeester: H. Beukens

WER IS DIT ?

It krantsje lei noch mar kâldwei op de matte of dêr wie de earste beller al: “mei Sietse”.

Mei Sietse....? ik moast suver efkes skeakelje mar doe hearde ik mem Tryntsje fan de kapsalon op ‘e achtergrûn en ik wie te plak. Sietse wist my krekt te fertellen wêr ‘t dit nijsgjirrige stuoltsje stiet. Mei syn 8 jier spaant hy faak mei syn maten yn de bosk om (in sûne saak fansels). Ik ha it him net frege mar se ha it stuoltsje fêst wolris útprobearre.

Jan en Sietske Strampel wisten it net seker en ha dêrom mar in kuerke makke om de krekte lokaasje op te sykjen. It stuoltsje stiet yn de Griene Singel fanôf de Lyklamawei oan de rjochterhân; wa’t de “keunstner” is fan dit design meubel ik soe it net witte, mar it is in aardichheid. De sûkerbôle is foar Sietse Strampel; lokwinske! Wolle jimme no ek in kâns meitsje op sa’n lekkere sûkerbôle, klim op ‘e fyts of spring yn ‘e kuierskuon.



Sykje de lokaasje en **belje gau nei nr. 571889 of stjoer in mail nei: redaksje.doarpsnijs@gmail.com**

Dat kin oant en mei kommende tiisdei.

Jantsje



HA JIM IT AL HEARD?

Sneon 30 desimber wie it wer safier, oaljekoeken bakke, in dei earder as oars.
(Suver wol lekker: op âldjiersjûn wiene we allegear super fit.)

De moarns om 5.00 oere hie ik de earste amers beslach al klear en by de kachel setten.

Freark en Boake kamen doe ek al troch de doar. Dy koenen daliks los: safolle gram rezinen, wetter en moal en mikse mar..

Healwei seizen kaam Jan der efkes ôf yn syn oaljekoekepiama om de branders fan de bak mei oalje oan te setten.

Omdat ik wer miende dat ik it better wist, hie ik de branders wer útsetten doe't de oalje 120 graden wie.

"Oh, oh omkoal, it moat 180 graden wêze", sei little brother doe't hy oanfytsen kaam.

Dus fertraging! Gelokkich hie Coby har foar it earst yn 20 jier ferslept, dat it moast allegear wer sa wêze.

Om dik healwei sânien fielden de earste baltsjes beslach de hjitte oalje.

En der folgen noch in hiel soad, en wat wiene se lekker.

Om it heal oere moast ik wer efkes ien priuwe, dus rekkenje mar út hoefolle't ik kofjietiid hân hie.

Om efkes foar njoggenen kamen de earste klanten: Margje fan Jan en Peekje en Willem mei de hoed. Omdat Willem de stokken net by him hie wûn Margje dizze race. Sy stie as earste klant op de balke- telling.

Coby hâldt alle klanten by en wat hie se it der drok mei!

Tsjonge, it rûn de hiele moarn troch, geweldich hear: 71 klanten kamen op de lucht ôf.

Net allinne doarpsgenoaten, ek Aldemardumers, Balksters en der kaam sels ien út de Hommerts.

Freark hie yn Sondel ek goed reklame makke, dat we hiene dit jier ek in soad Sondelers yn it hok.

Meine hie it ek drok mei de besoarch-tsjinst; wat hearlik om sa'n grutte famylje te hawwen.

We bakten dit jier foar in famke út de Hommerts; foarich jier foar in famke út Ljouwert dy 't de Noardseesykte hat.

Jacobien Sybranda hat it Rett-syndroom; yn Nederlân binne der 250 famkes dy't dat ha.



It is in ûntwikkelingsstoarnis fan it senuwstelsel en komt allinnich by famkes foar. Jacobien kin hast net rinne en prate.

Se wennet gelokkich noch wol thús , mar giet no wykeins wol ris nei Maeikehiem yn Sint Nyk.

“It is in hiel fleurich famke” fertelt har mem dy’t ek efkes om oaljekoeken kaam.

Se hat no krekt in spraak-kompjûter dy `t se mei de eagen bestjoere kin.

Spitigernôch hat se lêste tiid in soad lêst fan epileptyske oanfallen.

As jim dit no lêze ha wy krekt by har west om de sinten te bringen.

Yn it folgende krantsje hjir mear oer.

We ha it noch net iens oer de opbringst hân: dy wie geweldich.

In dikke 800 euro bringe we nei de Hommerts; oeps, wy moatte hast plysje- eskorte foar en efter ús ha tink.

Leave minsken, geweldich dat jim allegear wer kamen en tige tank ek foar de golle jeften.

It wie wer in superdei !!!

Enne.. oer 349 dagen rekkenje we wer op jim.

Groetnis Boake, Freark, Coby, Wieger en Wiepkje



LEDENVERGADERING “DE LAATSTE EER” TE NIJEMIRDUM

Uitnodiging voor de ledenvergadering van de uitvaartvereniging welke gehouden wordt op **woensdag 14 februari 2018** in het dorpshuis te Nijemirdum. Aanvang: 20.00 uur.

Agenda

1. Opening
2. Mededelingen
3. Notulen ledenvergadering 2017
4. Jaarverslag secretaris
5. Jaarverslag penningmeester
6. Verslag kascommissie
7. Voorstel contributie en ledenkorting
Voorstel betalen met acceptgiro € 2,-- extra
8. Bestuursverkiezing:
Aftredend en niet herkiesbaar: mw. Tiny Wildschut
Voorstel nieuw bestuurslid: mw. Ingrid Vellinga
9. Rondvraag
10. Sluiting.

Wanneer kinderen van leden de 18 jarige leeftijd bereiken zijn ze niet meer automatisch lid. Ze krijgen een bezoekje van 1 van de bestuursleden om lid te worden. Ze kunnen zich ook aanmelden bij één van de bestuursleden.

Wilt u bij verhuizing of als er één van de kinderen (als ze lid zijn) het huis uit gaat, dit doorgeven aan de penningmeester: Piet Rienstra, Omrin 2.

12 maart 1918 – 12 maart 2018

Jubileum 100 jaar!

Om dit 100 jarig jubileum van de vereniging “DLE” te vieren, willen we voor de leden een feestelijke avond organiseren op vrijdag 16 maart 2018 s`avonds in het dorpshuis te Nijemirdum.

Namens het bestuur van de uitvaartvereniging

NIJS FAN DE NEVEKOMMISSJE (MUGGENCOMMISSIE)

Al in moai protte jierren is de saneamde "nevekommissje" dwaande om ta in oar behear fan de Reidpôlen te kommen om dêrmei de oerlêst fan neven mooglik te beheinen.

Undersiken en petearen mei minsken mei ferstân fan saken seinen: "wetter omleech en as dat net kin wetter omheech en romte meitsje foar wyn."

No, yn de Reidpôlen binne der sokke lege, wiete plakken dat dy net droech te krijen binne, dus dan it wetter mar omheech.

Foardiel soe dan wêze dat yn djip wetter mear libben sit, sa as kikkerts en oar neef-ûnfreonlik bisteguod, dy't de larven opfrette wêrtroch der minder neven útkomme.

In iepener fjild mei minder beammen jout meer wyn en ek dêr hawwe neven in hekel oan.

Mar om alle wiete plakken yn de Reidpôlen djipper en de bosk in stik iepener te meitsjen wie te kostber. No is foar Heaburgen in soarte fan proefopstelling makke, in bytsje ferlykber mei "Rûgehuzen" dêr 't se ek bosk kapt ha en it wetter djipper makke ha.

Om beammegroei foar te kommen sil der, krekt as yn Rûgehuzen, skiep of oar fee yn dit stikje natuer komme te rinnen.

De kommissje en fansels de bewenners fan Heaburgen binne benijd as it oankommende simmer fertuten dwaan sil.

Mocht dat sa wêze, dan soe it foar it stik bosk oan de Lyklamawei miskien ek in oplossing wêze kinne.

We hâlde jim op de hichte.

De Nevekommissje :Dirk Jan de Kleine en Frâns Gerritsma





In freon-skip

dûnset op de weagen

hoe heech

dy ek binne

DE STIPERS

Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke Beukens	Garant Zaden
Jan Buma	Buma Handel
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Rintsje Draaijer	Agrarische Dienstverlening Draaijer
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Arjan Hendriks	Garagebedrijf Hendriks
Halbe Hielkema	Bouw- en onderhoudsbedrijf
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Stephan Mast	Timmer- en onderhoudsbedrijf Stephan Mast
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Hendrik Postma	Motorenrevisie/reparatie
Douwe en Froukje Prins	Bakkerij Prins, Harich
Fam. K. Rienstra	Beheerders dorps huis
Runia Fourage BV	(Klein)diervoeders, aardappelen enz.
Runia Transport BV	Transportbedrijf
Jan-Dirk van der Tol	Feedcentre B.V.
VandeLinde Associates	Journalistieke Producties
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Edze Westra	Edze Westra Trading BV

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste woansdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.